

Wetlike status Fryske folk & Fryske taal

Sa'n 2,5 miljoen Friezen wenje oan de súdlike igge fan de Noardsee, mei in wengebiet dat yn de stêd Alkmaar begjint en einiget by de rivier de Vidå yn Súd-Jutlân. Yn de Nederlânske provinsje Fryslân kinne sawat in heal miljoen minsken Frysk prate. Yn it East-Fryske Sealterlân wenje 2.000 Fryskpraters en yn Noard-Fryslân en Helgolân wenje sa'n 8.000 minsken dy't Frysk prate kinne.

Yn 1990 waarden de Friezen mei de Denen yn kêst 5 fan de dielsteatwet fan Sleeswyk-Holstein erkend as nasjonale minderheid. Yn 1998 waard yn Dútslân it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa fan krêft foar it Fryske folk. Yn Nederlân waard dat Ramtferdrach yn 2005 fan krêft.

It Frysk yn Nederlân hat sûnt 1956 in offisjele status. It brûken fan it Frysk yn it rjochtsferkear is wetlik regele yn it Steatsblêd 1956, 242. In wiziging dêrop is te finen yn it Steatsblêd 1995, 440. It brûken fan it Frysk yn it ûnderwiis is wetlik regele yn kêst 9-4 fan de Wet Primêr Underwiis en yn kêst 11a-2 fan de Wet op it Fuortset Underwiis. It brûken fan it Frysk op bestjoerlik nivo is wetlik regele yn de kêsten 2-7 oant en mei 2-12 fan de Algemiene Wet Bestjoersrjocht.

Yn de dielsteat Sleeswyk-Holstein waard yn 2004 de Fryske taalwet, it 'Friisk gesäts', troch in mearderheid fan it dielsteatparlemint oannommen. Dy Fryske taalwet jildt foar it Noard-Frysk. Foar it Sealterfrysk binne gjin aparte wetten fêstlein. It Sealterfrysk en Noard-Frysk binne beide de talen fan de Fryske minderheid yn Dútslân, en falle dêrmei ûnder it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden fan de Ried fan Europa.

Sawol it Frysk fan de provinsje Fryslân, as ek it Noard-Frysk en Sealterfrysk, falle ûnder alle trije haadstikken fan it Europeesk Hânfest foar Regionale Talen of Talen fan Minderheden. Dat Hânfest is krekt as it Ramtferdrach fan de Ried fan Europa en sawol troch Nederlân as Dútslân ratifisearre.